

## **Skoalmasters yn Fryslân, 1600-1950**

De samler en gearstaller Hartman Sannes .....	2
Skoalmasters yn Fryslân; it materiaal .....	3
Boarnen .....	4
Aard fan it materiaal.....	5
Ferantwurdig .....	6

## De samler en gearstaller Hartman Sannes

Hartman Sannes waard berne yn St. Anne op 24 juny 1890. Hy studearre yn Grins oan 'e *Rijksweekschool voor Onderwijzers* en helle dêr yn 1909 syn ûnderwizersakte. Hy stie as ûnderwizer oan 'e skoallen fan respektivelik Beetstersweach, Oerterp, Peinjum, St. Anne en Berltsum en waard op 1 juny 1918 beneamd as haad fan 'e skoalle te Koaten. Yn 1934 frege en krige er om reden fan syn sûnens earfol ûntslach út dizze funksje. Hy ferhuze doe nei Gytsjerk. Dêr hat er him tenei folslein rjochten op it sammeljen fan histoaryske gegevens. Hy hie al earder histoaryske artikels skreaun, yn *De Vrije Fries* fan 1928 oer it Bilt en ek yn kranten lykas de *Leeuwarder Courant* en it *Leeuwarder Nieuwsblad* yn 1930. Yn datselde jier 1930 skreau er oer de skiednis fan it ûnderwiis op it Bilt yn 'e *Bildtse Courant*. Letter binne ek yn oare lokale en regionale kranten artikels fan him oer de skoalmasters yn dy oanbelangjende gemeente ferskynd, lykas bygelyks oer Frjentsjerteradiel yn 'e *Franeker Courant*. Ek hat er yn it *It Beaken* in artikel skreaun oer de skoalmasters fan Frjentsjer.

Sannes is lykwols benammen bekend wurden troch syn *Geschiedenis van het Bildt*, (yn trije dielen ferskynd tusken 1951 en 1956). Yn 1952 waard him de Halbertsmapiis takend foar it ferskinen fan it earste diel fan dy rige. It ferskinen fan diel 3 hat er net mear meimeitsjen kind, want Hartman Sannes is op 5 jannewaris 1956 te Ljouwert ferstoarn.



foto út *Geschiedenis van het Bildt*, dl. IIIA

De publikaasjes fan Sannes fine jo yn 'e [katalogus fan Tresoar](#).

## **Skoalmasters yn Fryslân; it materiaal**

It doel dat Sannes foar eagen hie mei syn rige fan skoalmasters yn Fryslân, wie om te kommen ta de publikaasje fan in "Nammelist fan skoalmasters" lykas it boek fan T.A. Romein: *Naamlijst der Predikanten* (Ljouwert 1886-1888), mar dan mei mear genealogyske gegevens en oare bysûnderheden.

It troch him sammele boarnemateriaal is wichtich omdat it in grut tal mooglikheden foar neier ûndersyk jout. Benammen genealogen dy't skoalmasters yn harren foarteam hawwe, mar ek foar de regionale en lokale sneupers dy't de skiednis fan it eigen doarp of regio beskriuwe wolle, sille der baat by fine. It is fierder te brûken foar prosopografysk ûndersyk nei de spesifike beropsgroep fan skoalmasters, harren eftergrûn, de mobiliteit fan dy groep, ensfh. Sannes jout ynformaasje oer de skoalmasters yn Fryslân fan 1600 ôf, yn guon gefallen fan 1580, oant ûngefear 1955 ta. Fan elk doarp en fan alle stêden wurde de nammen fan de skoalmasters neamd, it jier dat sy beneamd waarden, wannear't sy wer fuortgienen, ensfh. Harren bertejier, de nammen fan harren froulju en eventuele bern wurde gauris ek neamd. Ek wurdt oanjûn yn hokker jierren de skoalmaster oan 'e oanbelangjende skoalle ferbûn west hat, wêr't er wei kaam en wêr't er letter wer hinne gie.

It giet hjirby benammen om de haden fan 'e skoallen; dus net alle ûnderwizers fan Fryslân komme der yn foar, hoewol't Sannes ynsidintiel wolris de namme fan in ûnderwizer of ûndermaster neamt.

Foar safier dy ynformaasje yn 'e boarne oanwêzich wie, binne der ek gegevens oer de beleaning fan skoalmasters opnommen en oer eventuele oare funksjes dy't sy hiene, lykas dy fan koster, foarsjonger of oargelist. Ek binne der gegevens opnommen oer it skoalgebou; as de skoalle fernijd wie of as in hiele nije skoalle delset waard, wurdt dat ek troch Sannes melden.

De Latynske skoallen dy't yn 'e grutte plakken en stêden oanwêzich wiene, krije út soarte spesjaal omtinken. De nammen fan de rektoaren en konrektoaren en harren beleaning wurde neamd troch Sannes. Ek de stifting fan 'e bysûndere skoallen wurdt troch Sannes beskreaun en ek de haden fan dy skoallen wurde neamd. Itselde jildt foar it fuortset ûnderwiis, wannear't der in ULO, MULO of legere lânbouskoalle stiften waard.

## Boarnen

De wichtichste argyfboarnen dy't Sannes brûkt hat, binne de saneamde DTB-Boeken (*doop-, trouw-, overljids-, begraaf- en lidmatenboeken*) oant 1811/1812 en de tsjerkfâdij-rekkens. Hy rieplachte ek in protte âlde rjochterlike argiven - sij it net systematysk - lykas de argiven fan 'e nedergerjochten, mei bygelyks de wees- en resesboeken, hypoteekboeken en autorisaasjeboeken, en it argyf fan it Hôf fan Fryslân, mei ûnder oare de kriminele en sivile sintinsjeboeken. Ek hat er gegevens út it Famylje-argyf Schwartzenberg Thoe Hohenlansberg ferwurke.

Fan 'e printe boarnen dy't er ek brûkt hat, moatte benammen de provinsjale almenakken [nei 1873] neamd wurde; it moanneblêd de *Bijdragen en de Nieuwe Bijdragen voor het Onderwijs* (fan 1800 oant 1870) en ek publikaasjes lykas it *Register van de Geestelijke Opkomsten van Oostergo* fan J. Reitsma (Ljouwert 1888) en it *Kerkelijk leven der hervormden in Friesland tijdens de Republiek* fan S. Cuperus (Ljouwert/Grins 1916-1920).

Yn 'e teksten wurdt geregeldwei ferwiisd nei stikken út it *Rijksarchief in Leeuwarden*. De namme fan it eardere *Ryksargyf* is ûnderwilens feroare yn *Tresoar*. Dy argyfferwizings nei dy âldrjochterlike (en mooglik ek nei oare) argiven binne ferâldere; der is ûnderwilens in oare foarm fan ferwizings kaam. Besletten is om dy ferwizings net allegear te feroarjen, want soks soe te folle tiid nimme. As immen graach mear ynformaasje hawwe wol, dan kin mei help fan in konkordânsje yn *Tresoar* wol de kreative argyfstikken fûn wurde.

Henr. Aquila, gedoopt 25. Mei 1662, dus 13 jdaar oud. De school wa  
provisioneel waargenomen, allicht op kotten der weduwe. Dit ka  
wel meer voor, zie b.v. Wansverd. Hij trouwde hier in Aug 1691  
Marijke Gerrit Groustra en in April 1695 met Elthijn Groustra  
sahuisum (waarschijnlijk zuster). Het tractement bedroeg 55 ca  
jaar. Hij komt nog voor in Dec. 1710, doch Tweedia daarna, in okt  
na <sup>Jan 1705 (vorige burgemeester) naar koor.</sup> In Dec. 1711  
voor Mei 1711, want dan komt voor: Eelck, de wed van wv. B. Agge  
zij zusters jaarlyks 30 fl. voor kerkgel. te Schillaard, restat daar, van die  
juli 1711 kwam met aft. van Leeuwarden mr. Sijedger Sijepkes  
schootmr. Hij is <sup>1710</sup> naar Gronijp vertrokken, waar hij  
29 April 1720 schoolmeester was.  
notr. <sup>1710</sup> kwam <sup>of Brinkhoma</sup> mr. Frank Brinkman, schooldr. en or  
Hij trouwde hier 14 Mei 1730 met Heiltje Leenega van Leeuwa  
Hij was 20 Maart 1722 aangenomen tot lidmaat en hier 24 Oct  
Leentie overleefde hem en kreeg nog eenigen tijd tot tractement  
v. 1746 begon mr. Jacob Petrus Greidannus zijn dienst als scho  
koster en organist, waarschijnlijk eerst nog voor de wed van  
Mei 1747 definitief  
ganger. Hij was de zoon van Ds. Petrus Gr. de Rypkerkerk en is h


## Aard fan it materiaal

Nei de dea fan Hartman Sannes is it materiaal op 'e Fryske Akademy bedarre. It omfettet yn totaal mear as 750 siden: oantekens yn kasboeken en op losse blêden. Dat materiaal hat noch net earder publisearre west. It yn lokale kranten publisearre materiaal is troch Sannes yn skriften ynplakt en letter oanfolle en wêr nedich ferbettere.

Der sit ek in nammeregister by, dat bestiet út lytse kaartsjes yn fjouwer âlde sigaredoaskes. Op grûn fan dy kaartsjes haw ik it tal nammen fan skoalmasters rûsd op tusken de fjouwer- en fiiftûzen nammen. Uteinlik sitte der noch folle mear nammen yn, want ek de nammen fan de skoalmastersfroulju en -bern wurde neamd.



It bysûndere fan dizze publikaasje is dat it foar in part noch net earder publisearre west hat; mei-inoar 26 gemeenten. Yn guon oare gefallen giet it om al publisearre materiaal dêr't Sannes letter oanfolgings en korreksjes yn oanbrocht hat, mei-inoar sa'n 13 gemeenten.



It materiaal is foar hiel Fryslân folslein oanwêzich; Flylân en Skylge ûntbrekke fansels (oant 1945 hearden dy eilannen by de provinsje Noard-Hollân). Fan dy gemeenten dy't al publisearre binne, is it grûnmateriaal nei alle gedachten troch Sannes fuortsmitten, want dat sit der net by.

It materiaal is yn trije skiften yn te dielen:

- \* It publisearre materiaal sûnder oantekens (trije gemeenten)
- \* Publisearre materiaal mei oantekens en lettere oanfolgings fan Sannes sels
- \* Net publisearre

## Ferantwurding

Yn oerlis mei de leden fan 'e fakgroep Skiednis fan 'e Fryske Akademy is besletten it *korpus Sannes* sûnder korreksjes of oanfollings út te jaan. De ferlieding wie grut om it materiaal oan te foljen oant bygelyks it jier 2000. Net allinne soe dat in hiele protte wurk wêze; it is hast net te dwaan om alles te kontrolearjen of oan te foljen mei gegevens út oare argyfboarnen of mei resintere gegevens oer de skoalmasters, mar boppedat soe dan ûndúdlik wurde kinne wat oft troch Sannes sammele en opskreaun is en wat oft letter tafoege wurden is.

Allinne yn dy gefallen dat Sannes in dúdlike flater makke hat, is dy (stilswijend) troch my ferbettere. Fansels is der wol yn guon gefallen in kar makke om de lêste ferbettering fan Sannes sels al of net troch te fieren. Ek binne yn guon gefallen saken fuortlitten, benammen de nammen fan 'e sjirurgijns, doarprjochters en oargelisten dy't faak troch Sannes ek meinommen waarden by syn ynventarisaasje, binne troch my net opnommen.

It doel fan dit projekt is om it materiaal op deselde wize wer te jaan as Sannes dat sels dien hat yn 'e regionale kranten. Op dizze wize koe it boarnemateriaal ridlik fluch tagonklik makke wurde en bliuwe alle troch Sannes sammele gegevens ek yn harren eigen kontekst.

Der is besocht om safolle mooglik de oarspronklike teksten fan Sannes oan te hâlden; út soarte hat al in staveringsoanpassing plakfûn en is de tekst op guon plakken wat oanpast, lykas it folút skriuwen fan ôfkoartings, ensfh. By it noch net earder útjûne materiaal koe dat dus net en is de tekst sa saaklik mooglik holden en is besocht safolle mooglik by it oare wurk fan Sannes oan te sluten.

Ik wol hjirby spesjaal tank sizze oan dyjingen dy't stipe ferliend hawwe by de ynfier en it oertypen fan de oantekens fan Sannes: de froulju fan it sekretariaat fan 'e Fryske Akademy en de hearen K. Hoornveld fan it Hearrenfean en H. Dantuma fan Aldetrine.

Foar eventuele reaksjes, opmerkings, ferbetterings en oanfollings kinne jo kontakt opnimme mei [Peter van der Meer](#)

Peter van der Meer  
Fryske Akademy  
augustus 2008